

It Beaken yn 2017

Nettsjnsteande de ynhelrace dy't *It Beaken* wat it ferskinen fan 'e nûmers oanbelanget yn 2016 ynset hat, is dit mânske earste (dûbel)nûmer fan 'e jierjong 79 2017 net mear yn 2017 útkommen. Dat muoit de redaksje tigel! Krektlyk as yn 2016 naam it lykwols fannijs in soad tiid, om ta de einichste ferzjes fan 'e ûnderskate artikels (en boekbesprekken) te kommen. De ynhelrace sil dus 'gewoan' fuortset wurde!

Dat fuortsetten fan 'e ynhelrace wurdt mei yngong fan dit nûmer dien mei in oare redaksje oan it stjoer. Yn 'e lêste redaksjegearkomste fan 2016 hat *It Beaken* nammentlik ôfskie nommen fan trije redakteuren mei allegear in lange steat fan tsjinst. Dat wiene dr. Rients Faber (redakteur 2004-2016), drs. Gjalt Jelsma (redakteur en redaksjesekretaris 1981-1994; redakteur 2008-2016) en prof. dr. Ferenc Postma (redakteur 1991-2016). Krekt foar de neamde redaksjegearkomste, dêr't er by behindere wie, liet dr. Willem Visser witte, dat er it nei goed 22 jier redaksjelidmaatskip ek wol 'genôch' achte. It like him net ferkeard ta, méi, om't *It Beaken* fan doel is om troch middel fan it *peer reviewen* fan artikels nije wegen yn te slaan, tagelyk mei Faber, Jelsma en Postma syn sit yn 'e redaksje op te jaan.

It krektneamde kwartet redakteuren is mei yngong fan dizze jiergong 79 2017 opfolge troch in trio, dat no mei prof. dr. Hanno Brand as foarsitter en Beart Oosterhaven as redaksjesekretaris/einredakteur de kearnredaksje fan *It Beaken* foarmet. It binne de (berne)taalûndersykster dr. Jelske Dijkstra, de histoarikus dr. Jelte Olthof en 'e taalkundige dr. Marjoleine Sloos.

Yn dit nûmer

Dit (dûbel)nûmer fan *It Beaken* iepenet mei in taalkundich artikel fan âld-Fryske Akademymeiwurker prof. dr. Jarich Hoekstra fan Kiel (D.) oer 'Weromwurkjend *jaan* as tiidwurd fan lichemsbeweging en fuortbeweging yn it Frysk'. Dêrnei jout Kees Draaisma fan Heiloo yn it lange artikel 'Een nieuwe kijk op Caspars dijk' in nijsgjirrich panorama fan polityk, oarloch en wettersteat yn it Fryslân fan 'e twadde helte fan 'e sechstjinde iuw en smyt er nij ljocht op 'e rol fan Caspar de Robles wat de dikebou yn dy tiid oanbelanget.

De wiidweidige boekbesprekartikels yn dit nûmer binne fan 'e hân fan drs. Pieter Duijff/dr. Piet Hemminga (fan Meindert Schroor [hdred.]: *Nieuwe Encyclopedie van Fryslân* (2016)) en dr. Wim Nys (fan Peter Schoen: *Tussen hamer en aambeeld. Edelsmeden in Friesland tijdens de Gouden Eeuw* (2016)).

De redaksje